


Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare en de Barbarijse seerôvers



© Foto tsjerke-argyf Folsgeare 1685-1752

1751 aan twee slaven de Som

Folsgeare en de Barbarijse seerôvers

Yn it tsjerke-argyf fan Folsgeare komt yn it jier 1751 en 1752 de útjêftepost “betaald voor twee slaven” foar. In tal jaren letter yn 1769 noch in post “betaald aan een slaaff”.

Dit binne wol tige besûndere útjêften foar in tsjerke en se roppe de fraach op: “Wat hawwe de ynwenners fan Folsgeare mei slaven te meitsjen?”

Yn de skiednisboeken kinne wy lêze dat de Nederlânske seelju destiids in soad lêst hiene fan seerôvers of, sa't se doe neamd waarden, kapers.

It meast bekend binne fansels de kapers fan Duinkerken. Mar der wiene wol mear. Tusken de 16^e en de 19^e iuw bestiet der in gebiet dat Barbarije neamd wurdt. De namme seit al genôch. Het lân Barbarije is it lân fan de Berbers. Tsjintwurdich kenne wy dit gebiet better as Marokko, Algerije, Tunesië en Libië. Hoewel't Barbarije taalkundich in gehiel foarmet, hearsket der tusken de ûnderskate stammen twariedigens. It ynfieren fan de Islam soarget tydlik foar ienigens. Dit duorret lykwols net sa lang. Yn dizze tiid wurde ûnder oare de havenstêden Algiers en Tunis de útfalsbasis foar de beruchte Barbarijse seerôvers. Dit makket dat de Middellânske See, de Noard Atlantyske Oseaan en de Europeeske kustwetters tige ûnfeilich wurde. De piraten interje de skippen. Skip en bemanning wurde meinommen nei de thúshavens. Dêrnei wurde de minsken ferkocht op de slavemerken.

Nederlânske skippen hawwe ek in soad lêst fan de seerôvers. De minsken oan board fan dizze skippen binne net allinne seelju, der farre somtiden folsleine húshâldingen mei. Dizze húshâldingen besykje de earmoede út de Republyk fan de

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare en de Barbarijse seerôvers

Nederlannen te ûntflechtsjen. Hja wolle oerseesk harren gelok besykje te finen. Dit is net sûnder gefaar. Njonken skipbrek en skuorbûk wurdt de kâns om as slaaf ferkocht te wurden hieltyd grutter. Mei in bytsje gelok wurdt in famylje op de slavemerk yn ien keap ferkocht en bliuwt de húshâlding by elkoar.

It libben fan de kristenslaaf is swier, of it moat wêze dat hy him ta de Islam bekeart. De slaven wurde oan it wurk setten op de galeien, yn it leger of, as immen gelok hat, yn de húshâlding.

Net allinne troch bekearing, is der in twadde mooglikheid om frij te komen, nammentlik it frijkeapjen fan slaven. In slaaf kriget in fêststelde hannelswearde, spesjaal foar dyjinge dy't fan goede komôf binne.

It frijkeapjen fan slaven kostet in soad jild. Dat hat harren famylje meast net. Yn lytse, hechte mienskippen wurdt in part fan it jild somtiden troch de tsjerke ynsammele. Sûnder mis sil dit yn de tsjerke fan Folsgeare ek plak fûn ha. It jild giet mei in ûnderhanneler mei, dy't spesjaal nei Algiers of Tunis ôfreizget om slaven frij te keapjen.

Der ûntsteane yn Nederlân bewegingen dy't harren ynsette om slaven frij te keapjen. Sa wurdt yn Zierikzee yn 1735 in slavekas opsetten, mei as doel finzen nommen seelju frij te keapjen.

De seelju moatte in part fan harren gaazje ôfstean foar de slavekas. As der genôch jild yn kas sit, kin der in seeman troch in bemiddeler frij kocht wurde. Dit is faaks wol de earste reisfersekering. De slavekas bestiet tsjintwurdich noch altiten, lykwol wurdt it jild brûkt foar oare doelen.

Destiids is der al besocht om de kapers oan te pakken. Yn de 17^e iuw is Michiel Adriaenszoon de Ruyter in ferneamde kaperjager. Hy hat û.o. in soad seeslaggen mei Duinkerker kapers útfochten.

Mar fierder fan hûs giet it dreger. Seelju hâlde oant yn de 19^e iuw lêst fan de Barbarijse kapers.


Hjoed de dei is piraterij wer tige aktueel. Foaral de Yndyske Oseaan en de Reade See, mei as útfalsbasis de hoarn fan Afrika (Somalië), helje it nijs mei in soad kapingen fan skippen en it grutte tal seelju dat dêrby finzen nommen wurdt. In minskelibben is minder wichtich. It aksint leit no op de grutte wearde dat in skip mei lading fertsjintwurdiget. Yn West Afrika, Súd en Sintraal Amearika

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare en de Barbarijse seerôvers

(Kararibyske see) en it Fiere Easten (Súdsineeske see) is de tastân net folle better. Dat der is troch de iuwen hinne neat feroare, útsein dat der yn de tsjerke fan Folsgeare net mear in kollekte holden wurde sil foar it frijkeapjen fan finzen nommen seelju.

Tsjerke-argyf Folsgeare 1685 -1752



1752

Aan twee Slaven gegeven

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting Wytske Heida

Foto's: Tsjerke-argyf Folsgeare

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.